



TR. RIEMERSMA

Elikser
UITGEVERIJ

IT IS NO SA'N FJIRTJIN DAGEN LYN, doe ha 'k de lytse dea sjoen en dat hat my dochs mear dien as ik ynearsten wêze woe. Earst beriddenearest by dysels: ja, even in blackout, in beswiming, kin elk oer komme mei dat waarme waar. Hie 'k gewoan op 'e dyk rûn, dan wie 'k troch de poaten sakke, miskien wie 'k omdondere, ik hie even foar pampus lein, mear net. Dan wie 'k wer oereinklaud en klear. Mar bliksem, ik lei yn 'e feart doe't it my oerkaam. It wie waarm, dat sei ik al, ik wurd eamelich leau 'k, mar ik bin ek in âld hûn. Waarm dus, eigentlik mear benaud, near. Omkoal wie dusse maityd foar 't earst op bleate fuotten yn 'e sandalen, dat hie my al in foarteken wêze moatten dat der wat bysûnders barre soe. De sinne skynde en skynde net, der wie hege bewolking en it hie deroan dat er dêr trochhinne komme koe. Fiif oer ienen wienen wy ta de doar útgien, fiif oer ienen, gjin minút earder, gjin minút letter, dy man is sa stereotyp, dêr wurdst beroerd fan. Ja, ik bin der no al lang oan wend fansels. Ast salang mei ien ferkeard hast, dan wurde syn eigenaardichheden dy betroud, ja, do begjinst se suver op priis te stellen: in

minske is wat er is troch syn nuveraardichheden. No goed, ik hie lykas altyd de bal yn 'e bek en ik sjoude efter omkoal oan. Dy bal yn 'e bek, dat doch ik om him. Ik kin al yn gjin tiden mear efter in bal oandrive. Nocht haw ik der nammers noait oan hân, ek net doe't ik jong wie. Mar do dochst wat, do wolst dyn baas en syn berntsjes net teloarstelle. Dy lju ha mei dy op, dat is sa klear as in klûntsje, se ha aardichheid oan dyn bestean en se behelje dy yn it wol en wea fan har húshâlding. No, dan wolst dysels ek net fan dyn beroerdste side sjen litte. Wy sitte in jier of tsien, fyftjin mei-inoar oanklaud, en lit ús dan besykje om dy tiid sa oangenaam mooglik mei-inoar troch te bringen. Sa tink ik deroer. Ik bedoel, do kinst dy de harsens wol pinigje mei fraachstikken as wat doch ik op dizze godfergetten ierde, wat is de sin fan myn bestean, wêr wie ik foar 't ik der wie en wêr bedarje ik as ik út 'e tiid reitsje, mar by myn witten hat noch noait ien sokke fragen beäntwurdzje kinnen, sels in hynder net, en dat hat in folle gruttere kop as ik. Dat ik ha myn prakkesaasjes noait fierder gean litten as myn skaal mei iten trije kear deis, de bak om yn te sliepen, it blikje dêr't ik simmers yn lis te rolleboljen, de kuiers, fjouwer kear deis foarhinne en no noch mar trije kear: moarns, middeis en nachts foar it sliepen. Jûns nei iten wol ik der net mear út, ik miich middeis safolle, dat ik net earder as nachts wer oandriuw krij.

Ik keutele dus efter omkoal oan mei de bal yn 'e bek. Ik woe de sleat yn, want ik hie toarst, mar hy kearde my: "Net yn dy goare sleat," sei er. "Do kinst aansent wol even swimme yn 'e feart." No, dat wie my ek goed. Ik hie yn gjin tiden swommen, it hie in iepene winter west, dat it hie wol kinnen, mar hy ornearre dat it wetter te kâld wie. Skyt, fansels, wy jouwe

neat om kâld wetter! Us staach komt fan New Foundland, dêr hawwe myn foarâlden de fiskers altiten holpen om de netten út 'e see te skuorren. Dy leinen samar in oere yn dat kâlde seewetter en dan soe ik net fiif minuten yn 'e feart kinne! No, ja, ik nim myn trekken wol waar as hy yn prakkesaasjes is en net om my tinkt. Dan krûp ik yn ien fan dy goare sleatsjes dat ik de blauwe drek oan 'e poaten en de beolich ha. Eigen skuld! Mar even swimme, it wie my bêst. Wy staptten de dyk oer nei de feart ta en ik lei de bal foar him del. Dat is in âlde gewoante. Hy wol graach dat ik bear as ha ik der nocht oan dat hy dy bal fuortsmyt. No, sa't ik sei, ik ha omkoal en syn berntsjes altyd tewille west, ik ha hûnderten kearen efter stokken en ballen oan draafd, mar ik kin net mear en ik ferdome it langer. Mar goed, om de wille fan 'e goede relaasje en út âlde freonskip: ik lei dy bal foar him del. Hy nukte him in eintsje de feart yn, in meter of fiif út 'e kânt. Unsin fansels, ik hie wol folle fierder kinnen, it rinnen wol net mear, mar swimmen komt der lang sa bot net op oan, ik soe by wize fan sizzen better in kilometer swimme as rinne kinne. Ik stap foarsichtich by de wâl del en lit my yn it wetter glide. Ik swim nei de bal ta, pak him yn 'e bek en kear om. Efternei, as ik it my foar de geast besykje te heljen, haw ik doe wol wat field. Wat krekt, it is min te sizzen, in nuver gefoel fan ik lis hjir net noflik, sa't ik my oars altiten noflik field ha yn it wetter. Ik kom net foarút, ik krij gjin siken. Ik wit, ik rochele wat mâl en ik liet de bal út 'e bek glide om rûmte yn 'e strôt te krijen. Omkoal rôp noch: "Jelke, de bal!" Ja, sa'n bal kostet fyftel gûne en omkoal is in krint. Stik mei dy bal, tocht ik, ik moat hjirwei, bliksem. Ik set de foarpoaten yn 'e wâl en besykje omheech te klauwen. Dat skuort my troch de rêch, mar ja,

pine moatst mei leare te libjen, pine is in teken datst libbest, mar ik ha gjin krêft yn 'e poaten en ferdomme, dat yrritearret my sa allemachtich. Al wolle, en net kinne, der is net minder, dat fret oan dy, dat fertsjustert dy dyn ferstân, dêr wurdst gek fan. Ferdommese poaten, tink ik en ik bring myn grime oer op myn spieren om myn poaten te twingen. Ik kom heal by de wâl op, noch in setsje en dan bin ik der, en dan ynienen bart it. Ik tear efteroer en sakje ûnder wetter.

Ik waard net heislike kjel, ik wie net skriklike benaud, nee, it wie in stille ferwûndering fan 'wat bart der no?' en tagelyk, nuvergenôch, in stille oanfurdiging fan 'sa giet it dus'. Ja jong, heel eigenaardich, mar yn in flits wist ik dat dut myn lêste momint op ierde wie. Soks hast dan grif dochs yn dy, dat witten, dat draachst grif ûngemurken dyn hele libben mei dy om, sûnder der weet fan te hawwen. En as dyn oere kommen is, dan ynienen springt út in ûnbekend harntsje fan dyn harsens tefoarskyn: de werkenning fan 'e dea. Ik wie net bang, ik hie gjin fertriet, mei it witten dat ik deagie kaam tagelyk de oanfurdiging fan 'e dea. Ik ha net in poat mear útslein, ik ha my sinke litten; wat hat it foar doel om tsjin te akseljen as de dea dy hellet? Ik hie de êgen yn 't wiidst iepen, mei iepen êgen woe ik de dea temjitte sjen. Myn libben hie goed west en no wie it ôfrûn. Dach libben, dach omkoal.

Mar wat ik no noait ien kear ek net fan omkoal ferwachte hie, hy stapt sa de feart yn en pakt my by de beolich. Hy lûkt my de kop boppe wetter en ropt "Jelke!" Dy man is sa traach fan tinzen, dy man is noait spontaan, dy man moat earst oeral lang en breed oer prakkesearje foar't er út 'e ried komt. En duskear, ja, miskien is der út in ûnbekend harntsje fan syn harsens ek wol wat elemintêrs tefoarskyn sprongen, hy

betocht him gjin tel en liet him by de wâl delglide. De feart wie dêr net djip hear, it wetter kaam him amper oan 'e knibbels ta. Mar goed ek, want omkoal kin net swimme. Hy ropt dus "Jelke!" en it duorret even foar't dat berjocht yn myn harsens teplak komt. Ik ferkear sa'n bytsje yn in nul-steat. Ik tink en ik tink net, ik sweef op 'e grins fan libben en dea en ik ha my fermoedsoene mei myn ôfskied. "Jelke!" en der is wat yn syn lûd dat my de frede fersteurt. Net deagean dan? Ik sykhelje djip en ik rochelje wat wetter út 'e longen. Hy lûkt my nei de wâl ta en hâldt my de kop stiif yn 'e reiden. Ik wit net hoelang. Der is in frouljuslûd op 'e dyk dat ropt fan: "Moat ik jo helpe?" "Ja graach," ropt omkoal werom. "Ik kin dy grouwe hûn net risse." Ik bin gjin grouwe hûn, hy moat mar nei syn eigen útwekke beolich sjen. Ik slach de foarpoaten yn 'e wâl en begjin te klauwen. Omkoal set my de hannen ûnder de kont en triuwt my omheech. Ik lit my yn it gers sakje, ik bin sa allemachtige wurch. Omkoal kin net by de wâl opkomme, it frommis moat him in hân jaan en him út it wetter hise. Ja, earst fiske omkoal de bal noch út it wetter en smiet dy op 'e wâl. Jawis, fyftel gûne!

No, dêr sieten en leinen wy. Der kamen noch in man en in frou by mei in swarte hûn. Ik koe it folk net, mar ik tocht dat dy hûn net betroud wie, hy skeanêge wakker nei myn bal. Ik ha my oereinhyst en de bal yn 'e bek nommen. Omkoal wie wakker fan 'e wize, hy lei ienris en twaris út wat der bard wie, dat ik samar efteroertearde wie en op 'e side lizzend fuortsonken, en dat ik de êgen yn 't wiidst iepen hie. Myn tinken waard fan oare emoasjes behearske, ik wie sa benaud, ik krige gjin siken, en ik wie wurch oant yn alle triedden fan myn fleis. Heareminsk, wat wie ik allemachtige wurch. Dat

koe noait fan dat eintsje swimmen komme, fiif meter hinne en fiif werom. Dêr gniist in labrador om, dat is peanuts, sa't se tsjintwurdich sizze.

Hawar, wy binne wer thúskommen. It earste ein haw ik ôflein yn etappes fan trije, fjouwer stappen. Dan lizze, en wer in meter foarút. Helje no yn 'e godsnamme in auto of in karre, tocht ik, mar omkoal hope grif dat ik mei in kertierke wol wer by sûpe en stút wêze soe. No, dat wie ek sa. Nei in setsje saksearre it hymjen. Ik rochele nochris wat wetter út 'e longen en doe koe ik wer stikjes fan hûndert meter rinne. Sa binne wy thúskommen. Ik ha lekker iten, soks giet grif buotten de mage om, en fierder haw ik de hele middei yn 't gerslein. Sa stil lizzend wie it waar oangenaam, dan fernaamst de nearens net. Nammers, ik wie kopke-ûnder gien en aardich ôfkuolle. De berntsjes kamen letter de iene nei de oare noch by my te earmoedzjen fan: "Soe Jelke fersûpe? Earme Jelke." Soal op, meitsje jim húswurk, doch wat nuttichs.

Ik ha der neat fan oerholden, as allinnich: ik ha de lytse dea sjoen, en dat giet dy dochs net yn 'e kâlde klean sitten.

HIE OMKOAL MY FERSÛPE LITTE MOATTEN? Lit ús dut earst fêststelle, dat kòè dy man net. Ik in meter, oardel meter út 'e wâl, fuortsinkend, fuortsakjend, de êgen wiidiepen en omkoal op 'e wâl, noch gjin trije meter fan my ôf. Dat wie dy man noait wer kwyt wurden. Oan syn dea ta hie er it byld foar him hân fan syn hûn dy't foar syn êgen stoar en dy't him mei in stille loaits om help oansêch. Want sa soe er dat efternei grif ynterpretearre ha. In hûn dy't syn baas oansjucht om help, en de baas lit him iiskâld fersûpe. Dat hie omkoal himsels noait ferjûn, dêr hie er net mei libje kinnen, dy man wie gek wurden.

Omkoal is op syn manier wiis mei hûnen, omkoal is op syn manier wiis mei my. Mar lit my dat 'op syn manier' weilitte en rjochtút sizze: omkoal is wiis mei my. Dat er wat eigenaardich is, kin dy man ek net helpe. Elkenien sit mei syn eigen nuveraardichheden oanklaud en moat der mei leare te libjen. En in oar moat dy nuveraardichheden respektarje. Dat haw ik ek altiten dien en it is de basis fan ús relaasje. Men moat in oar yn syn wearde litte.

Dat is ien kant fan 'e saak en dy moat net ûnder it flierkleed fage wurde: omkoal koe my net fersûpe litte, om himsels net, om syn frou en de berntsjes net. Hy hie de hele húshâlding yn it ûngelok stoart as er my fersûpe litten hie.

Mar no de oare kânt: hie it foar my better west? Ik haatsje it libben net, ik bin gjin pessimist, nee-nee, neat fan dat alle-gearre. Ik bin in fleurige hûn dy't it libben nimt sa't it op him ta komt. Mar it libben is einich, ienris moatte wy hjir wei. Dêr hoecht men net dramatysk oer te dwaan, net jankerich en grynderich, net patetysk en emoasjoneel, mar men moat it feit ek net fertsjusteremoanje. Wy moatte mei de dea omgean as in realiteit, as in feit, en dat sa klear en koel mooglik as wy dat kinne. Wy komme yn dut libben, wy binne hjir in setsje, en wy gonne wer fuort. Dat wit elkenien en ik haw it ek altiten witten. Jo stanne der net deistich by stil, en wat soe dat ek foar nut hawwe? Iten en drinken en swimmen en yn it gers rolleboljen binne wichtiger saken as it tinken oan 'e dea. Mar dêrom is de dea der wol, hy is der altiten, fierder fuort of neier oan jins eigen eksistinsje. In jier of fjouwer lyn haw ik myn maat ferlern, Skipper hiet er. Hy hie sûkersykte en dat skynt in min ding foar in hûn te wêzen. Myn kwaal is ek net noflik, mar ik kin der mei libje, as ik myn dripkjes krij. Skipper koe mei syn kwaal net libje, hy is der oan kapot gien.

Hy wie mar in pear jier âlder as my, mar ast jong bist telle de jierren dûbeld. Boppedat wied er folle mânsker as my, dat doe't ik jong wie, koe ik it lang net tsjin him hâlde. As omkoal of Skipper syn frou in bal of in stôk yn it wetter smiet, dan besocht dy rotsak om my te fersûpen. Ik koe folle hurder swimme as him, boppedat, gauris naam ik in oanrin en sprong fan 'e rollaach ôf wol in meter of fjouwer it wetter